

## Oprjochting fan “de Sékrite”, Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn'e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe't efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy't al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn'e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr't hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om't Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau'ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan'e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man fan de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn “de Meerkoet”, it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1ste foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wienen der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woene wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn'e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik “De bekroande earsteling”. De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wienen. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,=).

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik “Taaie Teie”. Op 12 maart 1974 koe it 300ste lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net alinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris. Spitigernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylers. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

**Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog**

<http://www.fryskbutenfryslan.frl>

**Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!**

## Meidielingablêd fan de Sékrite



**Oprjochte 25 novimber 1971**

**Lid fan It Keninklik Frysk Boun om Utens**

**Jiergong 40**

**Nûmer 1, Septimber 2025**

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889

RABO-bank Lelystêd

Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396

MINSKEN,  
wêz dochts tûk  
kom nei Valentijn  
foar in presintsje  
of opsmûk



KUNSTNIJVERHEID  
Waagpassage 126,  
8232 DW Lelystad.

## Foar nije en healsliten boeken



kin Jo altyd terjochte by:

**Luit en Johanna Dijk**

**0320 - 412444**

**luit.dijk@kpnmail.nl**

**THEATER POSA**

**It festjebûsteäter yn Lelystêd foar keunstleafhawwers! It moetingplak foar jong en âld, in briedplak foar alle kulturele ynstellingen fan Lelystêd en omkriten.**

**Kempenaar 01-10,  
8242 BA Lelystad.**

Schoen- & Sleutelservice

**T. Boonstra**  
Weversstraat 24,  
8223 AC Lelystad  
Tel: 0320-222288



**Als uw banden  
versleten zijn  
gooit u uw auto toch  
ook niet weg?**



van Bommel  
MOERGESTEL  
**VAN LIER**  
since 1815

Voor meer informatie over vakkundige  
reparatie van uw kwalitatesschoenen, kijk op  
**WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL**

## **It Keninklik Frysk Boun om Utens**

**AG en M- en Y-dei 28 maart 2026.**

Sneon 28 maart 2026 binne jimme alle-gearre wolkom op de Algemene Gearkomste en de Moetings - en Ynspiraasjemiddei fan it Keninklik Frysk Boun om Utens. Dizze sille holden wurde by de krite 'Fier fan Hûs' fan Apeldoarn.

**MOETINGS- EN  
YNSPIRAASJE DEI**

## Dit jout de hjerst

De hjerst dy jout by 't amerfol, myn beide bûsen steane bol fan apels, grouwe parren, by dit sa feestlik barren.

Mei sipels, woartels, reade koal, ek biten en de weet foar 't moal. Ierappels sykje ik, geef en sûn, ek nijgêrrs hat de hjerst ús jûn!

De kij rinn'stil te weidzjen, it lân wer oer te eidzjen. De sinne skynt oer blom en blêd, 'k wurd fan 't sjen noch lang net sêd.

Myn buorfrou, stiif fan rimmetyk, dy wjukkelt moedich oer de dyk. Myn hânnen stek ik út foar 't ljocht, de hjerst hat my safolle brocht.

Krysanten en ek asters se prykje krûdich yn myn noasters. En de bleke oktoBERSinne skynt mild oer alles hinne.

In skip fart oer it stille wetter. De sinne sakket, 't wurdt al letter. Sa bliid ha ik de hjerst hjoed preaun, Dêrom ha ik dit ferske skreaun.

Ut: Tichelwurk fan 1981.



Om wat te fieren hawwe wy dêr jierren lyn ris in nacht slept. It is ien fan de meast lúkse hotels yn Fryslân. Net goedkeap, mar de muoite wurdich. Yn it swimbad swommen wy moarns ier en betiid nei bûten. Dat fûn ik wol apart.

Troch de bosk komt men by de brêge oer it Alddjip mei oan beide kanten in moai útsjoch oer it fjild. Men kin ûnderweis oanstekke by Het Witte Huis yn Olterterp of fansels by Lauswolt; dat hat in moai terras op it suden. Wy fytse dêr meastal, mar kuierje kin likegoed.

Oan it webstee fan Visit Friesland ûntlien ik yn oersetting de ynformaasje oer it Rûntsje Alddjip: Dat giet troch it prachtige beekdellinglânskip fan it Koningsdiep, ek wol Alddjip neamd. De oarsprong fan dat wetter leit by Bakkefean. Dêrwei slingeret dat streamke troch it Opsterlânske plattelân.

Nei Nij Beets fynt it syn paad troch de Lege Mid-den nei Aldeboarn, om úteinlik, lang lyn, tusken Jirnsum en Raerd yn de eardere Middelsee út te mûnjen.

By dizze kuier kin men genietsje fan de natuer, mar ek sjen hoe't de turfgraverij it lânskip fan it leechfean troch de iuwen hinne feroare hat. De side hat op it ynternet in dúdlik kaartsje mei de rûte.

*De trije foto's binne makke troch Pier Bergsma*



It Alddjip

| <b>Ynhâld Meidielingebled:</b>                               | <b>side</b> |
|--------------------------------------------------------------|-------------|
| # Foaropwurd fan de foarsitter .....                         | 2           |
| # Kritegearkomsten winterskoft 2025-2026 en Kritteniis ..... | 4           |
| # Ut de Boekehoeke .....                                     | 5           |
| # Ut de Itensiderij .....                                    | 6           |
| # Sifers 24-25 en begrutting 25-26 Sékrite .....             | 7           |
| # Utnûging Jiergearkomste 10 oktober 2025 .....              | 8           |
| # Ferslach jiergearkomste 2024 .....                         | 10          |
| # Jieroersjoch Sékrite 2024 - 2025 .....                     | 12          |
| # Ferslach Sjongkoar 24-25 .....                             | 14          |
| # Feroaring fan lucht .....                                  | 15          |

**De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar 15 oktober 2025.**

# Kolofon

**Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite en oare saken:**

**Foarsitter:** Jan Bijkerk, e-mail: [sekrite@janbijkerk.nl](mailto:sekrite@janbijkerk.nl)

**Ponghâlder:** Jan Koopman, e-mail: [jan@zwanenwater.nl](mailto:jan@zwanenwater.nl)

**Skriuwer:** Luit Dijk, e-mail: [luit.dijk@kpnmail.nl](mailto:luit.dijk@kpnmail.nl)

**Lid:** Yvonne Nederpel, e-mail: [ycm.nederpel@gmail.com](mailto:ycm.nederpel@gmail.com)

**Lid:** Annie Noppers, e-mail: [annie\\_evenhuis@hotmail.com](mailto:annie_evenhuis@hotmail.com)

**Lid:** Jantsje Meijer, e-mail: [jantsje-meijer@live.nl](mailto:jantsje-meijer@live.nl)

**Koar:** Wytske Fransen, e-mail: [wytstra@gmail.com](mailto:wytstra@gmail.com)

**Kosten:** It lidmaatskip is €25,= yn't jier / stipers € 17,50 yn't jier.

Opsizze fan it lid- maatskip moat foar 1 septimber, foarôfgeand oan it winterskoft, by skriuwer Luit Dijk.

**Beteljen lidmaatskipsjild.** It lidmaatskipsjild moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft betelle wurde. Ek kin der foar keazen wurde om yn 2 terminen te beteljen en wol foar 1 septimber de helte en foar 1 febrewaris dêrnei de oare helte. Nei de folsleine betelling wurdt it bewiis fan lidmaatskip útrikt.

**De redaksje en opsmûk fan it boekje:** Jan en Sjoerdsje Bijkerk.

**Eareleden fan de krite:** Albert Postma en Gerit Kingma.

## FAN DE FOARSITTER

Bêste kriteleden,

Hjir is wer it earste krantsje fan dit winterskoft. Ik hoopje dat jimme in goeie simmer hân ha en jimme wer yn sûnens oan ús kritebarren meidwaan kinne.

Jimme sille wol tinke, it krantsje sjocht der wat oars út as oare jierren. No, dat hawwe jimme goed sjoen, dat is ek sa. Wat die blyken, it programma wêr ik it krantsje mei makke, Publischer, dat is opholden mei bestean. Fandêr dat ik in oar programma brûke moat om it krantsje te meitsjen. Ik gebrûk no 'IN Design' fan Adobe, dat moast wol wer efkes wenne, mar it is wol slagge, tinkt my. Fierder hat it bestjoer dizze simmer oant sykjen west nei in seal foar de jiergearkomste en de nijjiersbesite. No, dêr binne wy tige yn slagge, dizze twa gearkomsten sille holden wurde yn 'Wijkcentrum ZUIDERZEE' oan de Waddenlaan 1, 8223 XG Lelystêd. Dit is in moaie seal en net al te djoer, der is ek in lytse ferheging foar in sprekker.



Op side 4 fan dit boekje steane de datums fan de ferskate kritegearkomsten yn kommend winterskoft. It bestjoer is drok dwaande om dêr wer ynfolling oan te jaan.

Op de kommende jiergearkomste fan 10 oktober o.s. wolle wy graach, by genôch dielname, in bôletafel organisearje. Oare jierren hiene wy yn de Krakeling faaks in stampotbuffet, mar dat foldie ús net sa goed mear. De kosten fan dizze bôletafel binne € 15,= d.p. Wy wolle fansels wol graach witte hoefolle leden oan de bôletafel mei-dwaan wolle, fandêr dat jimme jim opjaan kinne by Luit Dijk (mailadres en telefoannûmer stean op side 1). Fierder wolle wy graach ôfprate dat de bôletafel troch giet, as der mear dan 15 dielnimmers binne. Fierder hawwe wy dan de sprekker Liuwe Westra dy't ús meinimt nei de Fryske Nassaus. Sjoch fierder op side 8.

Ek yn dizze simmer is der noch net in ein kommen oan de oarloch yn Gaza en Oekraïne. De oarloch yn Gaza is in lang en kompleks konflikt tusken Israel en de Palestynske beweging Hamas, dy't de Gazastripe

## Feroaring fan lucht *troch Pier Bergsma*


Yn 1971 ferskynde it boek **Feroaring fan Lucht** fan Rink van der Velde. "It duorre sawat in jier ear't it Fryske lêzerspublyk foar it ferstân krige, dat it in bysûnder boek wie. Mar doe wie it ek net mear te hâlden, de iene nei de oare werprintinge kaam út", neffens de efterside fan it boek mei de aventoeren fan Durk Snoad en syn singeliere húshâlding.

De skriuwer situearre in part fan it ferhaal yn in hûs oan it sânpaad tusken De Sweach (Beetstersweach) en Lippenhuzen. Nei de ferbouwing en útwreiding hat dat hûs in skoft de namme **Feroaring fan Lucht** droegen. Doe't wy der de lêste kear del fytsten wie de namme ferdwûn.

De fytstocht fan de Sweach nei itsuden, dy't by dat hûs

lâns giet, is neffens ús ien fan de moaiste yn Fryslân. Te begjinnen by knooppunt 90 yn de Sweach giet ús rûte meastal earst nei Lippenhuzen. Foar de wettertoer slagge wy by knooppunt 25 nei it easten ôf en fia de knooppunten 45, 27, 29, 93 en 83 binne wy nei goed 15 kilometer by it begjin werom.

It hûs by it Alddjip hat jierren de namme fan it boek hân. It bedoelde hûs stiet oan de Zandlaan, mar it sânpaad wurdt meastentiids yn syn gehiel de Ald Hearrewei neamd. Eins is dat allinne de namme fan it lêste stik oer de Lippenhúster heide. It stik troch de bosk by it begjin giet by de golfbanen fan Hotel Restaurant Landgoed Lauswolt lâns. It út de santjinde iuw stamjende lânhûs Lauswolt is om 1865 hinne ferboud yn opdracht fan de Opsterlânske boargemaster jonkheer Lyclama à Nijeholt, dy't it doe yn besit hie. It bestie doe út it sintrale part fan it hjoeddeiske gebou, in stâl en it koetshûs.



## Ferslach Sjongkoar 2024 -2025

Yn it winterskoft hat it Sjongkoar fan de Krite trije kear optreden. De earste wie yn Laerstate en wie in Krystoptreden op 11 desimber 2024. Dan wie der fansels ús jierlikse Krystmiddei yn teäter Posa op 21 desimber 2024, en as lêste it optreden tidens de Nijjiersbesite op 11 jannewaris 2025. Alle 3 optredens binne goed ferrûn en ek goed ûntfongen troch it publyk.

Mei yngong fan febrewaris 2025 binne wy fan repetytsjeromte feroare, nei Teater Posa, hja koene ús foar it bedrach dat de skoalle frege, romte biede. De skoalle moast spitigernôch it bedrach ferheegje wat wy mei ús lytser wurdende groep net mear opbringe koenen. We binne hiel bliid mei de gearwurking mei Teäter Posa.

Dan alfêst in foarútsjoch foar it kommende winterskoft. It sjonkoar hat unanym besletten dat dit it lêste seizoen wêze sil. It wurdt hieltyd dreger om de finânsjes rûn te krijen mei ús hieltyd lytser wurdende groep. Wy wurde der mei ús allen net jonger op. Dit byinoar hat it koar besletten om oan it 50 - jierlich bestean noch troch te gean en dan op te hâlden, mei in jubileumfeest as ôfsluter. Wy sille dus noch ien in Krystmiddei organisearje en wy sille noch ien kear ús mei-wurking ferliene oan de Nijjiersbesite.

Op 7 febrewaris 2026 organisearje wy dan noch it jubileumfeest foar it 50 jierlich bestean fan it sjonkoar dat is, lykas al oanjûn, dan fuortendaliks it ôfskied fan it sjongkoar. Foar dit jubileumfeest is der in kommisje foarme binnen it koar dy't hjirfoar al in oantal kear byinoar west hat. De opset is makke en diels al útwurke. Wat it krekt wurdt, dêr sille jo dochs echt op 7 febrewaris foar sjen moatte. Wy hoopje der foar elk in moai feest fan meitsje te kinnen.

Ut namme fan it koar, Anneke Noort

| SIFERS WINTERSKOFT 2023/2024 EN 2024/2025 |            |            |                          |            |                   |
|-------------------------------------------|------------|------------|--------------------------|------------|-------------------|
| YNKOMSTEN                                 |            |            | UTJEFTES                 |            |                   |
|                                           | 2023/2024  | 2024/2025  |                          | 2023/2024  | 2024/2025         |
| <b>Begjinsaldo 01/07/24</b>               | € 2.033,76 | € 1.597,19 |                          |            |                   |
| Kontribúsje                               | € 1.750,00 | € 1.552,50 | Dirigent en pianist      | € 1.376,63 | € 1.141,23        |
| Sekrite 1/2 krystpot/nijjier              | € 216,10   | € 226,92   | Ferskate attensjes       | € 82,50    | € 40,00           |
| Jubileum FBoU 100 jaar                    | € 150,00   |            | Bankkosten               | € 132,45   | € 135,08          |
| Foarútbetelle kontribúsje                 | € 125,00   |            | Hier skoalle en Posa     | € 480,00   | € 420,00          |
|                                           |            |            | Kosten slotjûn           |            | € 20,88           |
| Gift fan 'Groene sluis'                   |            | € 750,00   | Kofje en tee ensfh.      |            | € 5,71            |
|                                           |            |            | Jubileum Swol            | € 225,00   |                   |
|                                           |            |            | Krystmiddei              | € 287,53   |                   |
|                                           |            |            | Ferskaat                 | € 93,56    | € 74,85           |
|                                           |            |            | Kontribúsje werom        |            | € 5,00            |
|                                           |            |            | <b>Einsaldo 30/06/25</b> | € 1.597,19 | <b>€ 2.283,86</b> |
| Mei-inoar                                 | € 4.274,86 | € 4.126,61 | Mei-inoar                | € 4.274,86 | € 4.126,61        |

Sifers binne opmakke troch sjongkoarponghâlder Ellen Admiraal

bestjoert. De direkte oanlieding foar de hjoeddeiske eskalaasje lei yn de oanfal fan Hamas op Israel op 7 oktober 2023, dêr't tûzenen raketten by ôffjurre waarden en wapene striders Israelysk grûngebiet ynkrongen. Hjirby kamen in soad boargers om it libben en waarden minsken ûntfierd. Israel reagearre mei massale loftoanfallen en in grutskalige militêre operaasje yn Gaza. De gefolgen foar de boargerbefolking binne enoarm. Yn Gaza waarden wenwiken, sikehuzen en skoallen troffen, wêrtroch hûnderttûzenen minsken op de flecht sloegen binnen it lytse, tichtbefolke gebiet.



Troch de blokkade en de oanhâldende gefjochten is der in tekoart oan iten, wetter, elektrisiteit en medyske soarch. Yn Israel libje ek in soad boargers hieltyd bang foar raketbesjittingen.

Ynternasjonaal liedt it konflikt ta in soad diskusje. Guon lannen stypje foaral it rjocht fan Israel op selsferdigening, wylst oaren de klam lizze op de humanitêre ramp yn Gaza en oproppe ta in staakt-it-fjoeren. Besykjen ta bemiddeling troch de Feriene Naasjes, Egypte en Katar hawwe oant no ta mar tydlike wapenstilstanden opsmitten.

Dizze oarloch yn Gaza stiet symboal foar it bredere Israelysk-Palestynske konflikt, dat al tsientallen jierren duorret. Salang't der gjin duorsume politike oplossing fûn wurdt, driget geweld hieltyd opnij op te laaien, mei desastreuze gefolgen foar beide befolkings.

Op dit stuit binne der al mear as 60.000 deaden fallen, werfan 18.000 bern. It is in ferskrikking!! De wrâld sjocht it, mar docht neat!

It is mar te hoopjen dat der dochs gau in ein oan dit bloedferjitten komt, alhoewol dat der noch net op liket.

Bêste minsken, genôch oer dizze minder fleurige saken, werom nei ús krite. Ik hoopje jimme op 10 oktober allegearre te sjen op ús jiergearkomste, wêr't wy ek genietsje kinne fan in moaie bôletafel.

Jimme foarsitter, Jan Bijkerk.

## KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOFT 2025 - 2026

### SET DE GEARKOMSTEN ALFEST YN JIMME BUSBOEKJE!


| DATUM              | WAT KOMT DER?                                   |
|--------------------|-------------------------------------------------|
| 10 OKTOBER 2025    | Jiergearkomste, bôletafel en sprekker L. Westra |
| 15 NOVIMBER 2025   | Toaniel, kabaret of muzyk                       |
| 20 DESIMBER 2025   | Krystmiddei fan it sjongkoar                    |
| 9 JANNEWARIS 2026  | Nijjersbesite troch it lendeisbestjoer          |
| 7 FEBREWARIIS 2026 | 50-jierrich bestean fan it sjongkoar            |
| 14 MAART 2026      | Toaniel, kabaret of muzyk                       |
| 18 APRIL 2026      | Toaniel, kabaret of muzyk                       |

### KRITENIJS.

- As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei: [annie\\_evenhuis@hotmail.com](mailto:annie_evenhuis@hotmail.com), dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.
- As der leden binne dy't oar kritenijis hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei [sekrite@janbijkerk.nl](mailto:sekrite@janbijkerk.nl). Yn't foar tige tank.
- Op 17 juli 2025 is ús kritekrantsjelid Stoffel Haagsma, yn âldens fan 100 jier, ferstoarn. Hy wie earelid fan it KFBou. Stoffel wenne earder op De Gordyk en de lêste tiid yn 'De Stellinghaven' yn Easterwâlde. Wy winskje de bern en pake- en beppesizzers in protte sterkte ta om dit ferlies te dragen. De routsjinst wie op 26 july yn Wikel.

### By it bestjoer bekende troudatums van ús leden:

- Famylje Stienstra, op 30 oktober 55 jier trouw
- Johannes en Wytske Fransen, op 19 novimber 55 jier trouw.



Wy meie de adressen fan de pearen dy't harren troudei fiere, net yn it boekje sette, mar as jimme de jubilearende pearen in kaartsje stjoere wolle, as wat oars, dan kinne jimme it adres freegje by Annie Noppers - sjoch side 1.

hear Visser". Sa as wy went wiene, wie dit ek wer in grut sukses. Oantal besikers 44.

### Dielgearkomste diel Midslân

Dizze gearkomste gie dit jier wer net troch fanwege it weifallen fan krite Hurderwyk en sykte by de krite Hilversum.

### 29 maart 2025

### Algemene Gearkomste Keninklik Frysk Boun om Utens en Moetings en Ynspiraasjedei

Dit wie dizze kear yn Nieuwegein en en de gastkrite wie de krite Utert/Seist. De AG waard hâlden op de moarn: der waard ôfskie nommen fan de skriuwer Kees van der Beek. Hy is ta earelid fan it Boun benommen. Sprekker op 'e middei wie de foarsitter fan de Fryske Beweging en der wie oan it ein fan de middei in optreden fan Klún en Knoffel-hakke. It wie in moaie dei.

Ferstoarn: Geeske Breemer op 4 novimber 2024  
Pietsje Kalsbeek op 24 jannewaris 2025  
Stoffel Haagsma op 17 juli 2025  
Doetsje Wiersma op 11 augustus 2025  
Fr. Dam - Henstra op 28 augustus 2025

Luit Dijk.

### TA NEITINS FAN DOETSJE WIERSMA-WOUDWIJK

Op de roukaart stie in gedicht, dat har typearre:  
*Bezige handen, gevouwen en stil. Een leven lang gegeven, dat was je wil.  
Je strijd is gestreden vol zorg en moed. Verbazendwekkend krachtig. Het is op. Zo is het goed.*

Op 11 augustus j.l. is ien fan ús âldste leden, Doetsje Wiersma, yn âldens fan 97 jier ferstoarn. Doetsje is ek hiel lang lid west fan ús sjongkoar. Sy kaam trouw op de sjongrepetytsjes, oant de lêste twa jier, doe de sûnens har yn 'e steek liet. Se seach mei tankberens om nei de moaie reiskes mei de bus nei Fryslân en it optreden yn Ljouwert. Neidat har man, Lieuwe Wiersma, is ferstoarn, is it mei Doet ek minder gien. Yn't bysûnder doe by har reade riem (gordelroos) konstatearre is. Doetsje is berne yn Westdongeradiel op 3 juli 1928. Lieuwe en Doet hawwe earst yn Ferwert wenne en binne doe nei Lelystêd ferhuze. Sy wie altyd hiel warber en mocht o sa graach blommen leie.

It bestjoer fan de krite en it sjongkoar winskje de bern, de pake- en beppesizzers en de oerpake- en beppesizzers in protte sterkte ta dit ferlies te dragen.

## Jieroersjoch Sekrite 2024-2025

### Bestjoer

It bestjoer is dit jier 5 kear byinoar west..

Fierders ûnderhâlde wy as bestjoer kontakten mei it Keninklik Frysk Boun om Utens.

### Jiergearkomste op 2 novimber 2024

Dit jier is de jiergearkomste wer op de middei. De iepening fan de gearkomste wie om 15.00 oere en dizze kear mei potiten.

Der wiene 38 leden, wermei wy alle wichtige saken oangeande ús krite efkes trochnommen hawwe.

It jieroersjoch fan de skriuwer en de sinteraasje fan ús ponghâlder wiene allegear tige ynoarder. Luit Dijk wie ôfgeand. Luit hat him wer beskikber steld. Der wiene gjin tsjinkandidaten. Luit is troch de gearkomste wer foar 3 jier herkeazen.

Boukje Siderius hat in lêzing hâlden oer de emigraasje fan har âlders nei Kanada en har weromkommen nei Fryslân.

### Kritejûnen/ middei.

#### 23 novimber.

Mei Noorderbos en Ko. Dat stie op it programma, mar ûnderweis nei Lelystêd is ien fan de spylsters net goed wurden. Mei help fan Kevin fan teäter Posa is de middei dochs noch slagge. De film 'De Stormrui-ter' is draaid. Elkenien fûn it in prachtfilm! Der wiene 45 minsken.

#### 21 desimber

Krystmiddei : moaie middei mei 48 minsken.

#### 11 jannewaris.

Nijjiersbesite mei de sprekker Ulke de Boer oer Eastergoa. Der wiene 39 minsken.

#### 22 febrewaris.

Kritemiddei mei it stik "Stokjes" fan it Dream Teater út Akkrum. Ek dit stik fan harren waard wer hiel moai spile. Oantal besikers 43.

#### 12 april

Kritejûn mei Pro Rege út Holwert mei it stik "ik ben alhiel fan jo men-

## UT DE BOEKEHOEKE

### Boeken út de searje:

#### 'Monumint fan de Moanne'



Fan 1986 oant 1990 binne yn it ramt fan

'Monumint fan de Moanne' elk jier 8 boekjes útbrocht. De boekjes binne yn it Nederlânsk en ryk foarsjoen fan foto's en tekeningen. Op de boeketafel binne de ûndersteande boekjes te krijen: **De Slachtedyk, Kraak Oosterend en Mûnen fan Woudsend.**

### De Slachtedyk.


As in lang lint leit de Slachtedyk yn it lânskip fan Westergea, omtrint 42 kilometer lang. Yn dit boekje wurdt yngien op it ûntstean fan de Slachte. It boekje is foarsjoen fan in histoaryske kaart, dy útteard wurde kin.

### 'De Kraak' Oosterend

In wrâldwûnder yn Oosterend. Binnen de grêft dy't om it tsjerkje hinne leit en fia paad en brêge ferbûn is mei de buorren, stiet de Sint Maartenskerk. Yn dizze tsjerke boeit ien ûnderdiel fierwei it meast, de 'kraak' fan 1554.

### Mûnen Wâldsein

Hjiryn wurde de mûnen 'De Jager' en 'It Laam' beskreaun. 'De Jager' is in houtseachmûne en 'It Laam' in nôtmûne.



## UT DE ITENSIDERIJ



### Gado gado: in yndysk slaatsje

#### Yngrediïnten foar 4 persoanen:

- 4 aaien
- 250 gr sparrebeantsjes
- 250 gr woarteltsjes
- 200 gr spitskoal
- 200 gr taugée
- in heale komkommer
- 200 gr taugée
- brún bakte sipeltsjes
- apenútsaus (út in potsje of bakje, of eigenmakke troch 4 ytleppels nútsjesmoar, 200 ml wetter of kokosmolke, 2 ytleppels ketjap manis en 1 ytleppel sambal te ferwaarmjen en troch inoar te rieren)
- rys



#### Tarieding:

- Sied de aaien omtrint 8 minuten sadat se hurd binne.
- Sied de rys lykas oanjûn stiet op de ferpakking.
- Sied de sparrebeantsjes en de woarteltsjes op syn heechst 10 minuten en lit it ôfkuolje. Gebrûk it wetter om de spitskoal te blansjearen.
- Blansjear ek de taugée koart.
- Snij de komkommer yn plakjes.
- Meitsje de gado gado gelyk ôf op de buorden troch yn it midden wat riis te lizzen en deromhinne de sparrebeantsjes, de woarteltsjes, de koal, it plakjes komkommer en de taugée te skeppen. Jit der foar de smaak apenútsaus oer en strui dêr de brún bakte sipeltsjes oerhinne.

**Yt lekker!**

Yvonne Nederpel

Der binne gjin fragen oer de sinteraasje fan de krite. De sifers fan 2023-2024 wurde goedkard.

#### 6. Ferslach en sifers fan it sjongkoar

Der binne gjin fragen oer de sinteraasje. De sifers fan 2023-2024 wurde goedkard.

#### 7. Kaskontrôle

Anneke Noort en Ankie Schiere hawwe de boeken kontrolearre. De boeken binne yn oarder befûn. Dêrmei ferliene de leden de ponghâlder en dêrmei it bestjoer desjarzje en de ponghâlders wurdt tanke foar harren wurk, lykas de kaskommisje.

#### 8. Beneamen fan nije rekkenopnimmers

Anneke Noort is twa jier rekkenopnimmer west en is ôfgeand. Ankie Schiere is it kommende jier de rekkenopnimmer tegearre mei Dicky van Doodewaard.

#### 9. Begrutting 2024/2025

Toaniel en seal wurde hieltyd djoerder. Anjerfonds giet no mei in app, dat leveret ús neat op. De begrutting wurdt fêststeld.

#### 10. Bestjoersferkiezing.

Dit jier is Luit Dijk ôfgeand. Der binne troch de leden gjin (tsjin-)kandidaten binnen kaam. Luit is opnij beneamd foar 3 jier en wurdt tanke foar syn krewearjen.

#### 11. Programma foar it kommende winterskoft.

23 novimber 2024 - kabaret Noordenbos & Ko mei "Gjin C te heech"  
 21 desimber 2024 - krystmiddei troch it sjongkoar  
 11 jannewaris 2025 - nijjiersbesite de Krakeling;  
 22 febrewaris 2025 - toaniel/kabaret/muzyk;  
 12 april 2025 - toaniel/kabaret/muzyk;

#### 12. Omfraach.

Hjir wurdt gjin gebrûk fan makke.

#### 13. Sluting

Om 15.27 slút Jan Bijkerk de gearkomste.

Luit Dijk, skriuwer.



**It bestjoer fan de Sékríte nûget harren leden út foar it bywenjen fan de JIERGEARKOMSTE op freed 10 oktober 2025 om 15:00 oere yn 'Wijkcentrum ZUIDERZEE' oan de Waddenlaan 1, 8223 XG Lelystêd.**

Kosten fan de hiele middei, ynkl. bôletafel, binne € 15,00.

Ek dit jier sil de jiergearkomste wer mei iten en foardrachten oanklaaid wurde. It bestjoer fynt dat de jiergearkomste, nêst de saaklike kant, ek in gesellige kant hawwe moat. Jimme kinne dan ek genietsje fan in goed fersoarge bôletafel.

En inkelde fan ús leden dogge stikjes tusken de ferskate ûnderdielen: gedichtsjes, ferhaaltsjes as foardrachten.

Om te witten op hoefolle minsken wy rekkenje kinne mei de bôletafel, wolle wy graach **foar 1 oktober** o.s. fan jimme witte hoefolle leden der op de gearkomste komme. Sjoch hjir nêst foar de opjefte.

Nei de jiergearkomste komt **Liuwe Westra mei 'De Fryske Nassaus'**

Liuwe Westra is yn literêr oersetter, predikant en universitêr ûndersiker yn de klassike talen. Hy is berne yn 1966 yn Tsjom. Liuwe wie ûnder oare foarsitter fan de Ried fan de Fryske Beweging yn de jierren 90 en sette The Lord of the Rings fan Tolkien oer yn it Frysk. By ús sil hy fertelle oer de Fryske Nassaus, in wichtige tak fan de aadlike famylje Nassau.

De Fryske Nassaus binne in wichtige tak fan de aadlike famylje Nassau dy't in signifikante rol spile hat yn de skiednis fan Fryslân. Wichtige figueren binne ûnder oare Willem Lodewijk, Us Heit, en Johan Willem Friso, dy't as steedhâlders oer Fryslân regearren. Doe't de Hollânske Oranjes yn 1702 útstoarn, ferhuzen de Fryske Nassaus nei De Haach en waarden hja de steedhâlders fan alle Nederlannen, wat late ta de oprjochting fan it hjoeddeiske Nederlânske keningshûs.


**YNDIELING fan de middei:**

|            |                              |
|------------|------------------------------|
| 15:00 oere | Jiergearkomste;              |
| 15:30 oere | Gedichten, ferhalen leden    |
| 15:50 oere | Diel 1 Fryske Nassaus        |
| 16:20 oere | Skoft - 20 minúten           |
| 16:40 oere | Diel 2 Fryske Nassaus        |
| 17:10 oere | Klearsette bôletafel - skoft |
| 17:30 oere | Bôletafel                    |
| 18:15 oere | Seal oprûmje                 |



**Wurklist :**

1. Iepening (15:00 oere)
2. Meidielingen.
3. Ynkomen stikken.
4. Ferslach jiergearkomste 2 novimber 2024 (siden 10 en 11).
5. Jieroersjoch Sékríte 2024-2025 fan de skriuwer (siden 12 en 13)
6. Ferslach / sifers fan de ponghâlder oer 2024-2025 (side 7).
7. Ferslach en sifers fan it sjongkoar (side 14).
8. Kaskontrôle.
9. Beneamen nije rekkenopnimmers.
10. Begrutting 2025 - 2026 (side 7).
11. Bestjoersferkiezing: Annie Noppers en Jan Bijkerk binne ôfgeand.  
Sy stelle harren beide wer foar trije jier beskikber. Komme der foar 1 oktober gjin tsjinkandidaten by de skriuwer Luit Dijk, dan docht it bestjoer it útstel om Annie en Jan wer yn it bestjoer op te nimmen.
12. Programma foar it oankommende winterskoft (side 4).
13. Omfraach.
14. Sluting



**TINK DEROM! OPJAAN FOAR 1 OKTOBER 2025!!**

**F**oar de leden dy't harren noch net opjûn ha, om mei te dwaan oan de bôletafel of in ferhaaltsje, gedichtsje as foardracht dwaan wolle, kinne dat opjaan fia de e-mail: [luit.dijk@kpnmail.nl](mailto:luit.dijk@kpnmail.nl) of troch in telefoantsje nei Luit Dijk : 06 546 522 93.

**Yn't foar tige tank.**